

sa't it Lan OPJOWT



BRANDENBURGH & CO
snits

mikkemuoi

BYLD ÚT ÅLD-WETSSENS FAN

a. m. wybenga

Us Pake mocht der altiten wakkere graech oer en fortel hwat út 'e âlde tiid. En leafst oer Wetsens. Dat hoecht jin nou just gjin nij to dwaen. Hy wie Wetsemer fan älter op foarälter, hie to Wetsens nei skoalle tagien, syn jongesstreken dêr úthelle en yn syn feintejerren dêr de fammen nei de hakken sjoen.

Yn Wetsens nei skoalle! Kin dat? freegje jimme. Sa'n gat lyk as Wetsens hat ommers gjin skoalle. Net ienris in toer by de tsjerke, lit stean fan sa'n opfiedingsynstitút! Né, mar foar hûndert jier wie der àl in toer en ek in skoalle, sels in earmhûs. En in prachtich moaije terp, allegearre boulân, pounsmietten by pounsmietten great, mar dat is allegearre foarby. Hwant yn hûndert jier kin der in bulte foroarje.

By't winter stiene wy hiele dagen oan 'e braek; ik oan 'e houten hutsel en ús heit oan 'e slypbraek. Dan stoude it stof wit-ho-heech, dat it jin der fan yn 'e kiel heasde. Praten kaem fansels net folle fan. Jouns moast de skea dan wer hwat ynhelle wurde. Mar meastentiids wie ik healwei njoggenen al sa slieprich as in kat, dat dan kroopen wy mar gau efter de doarren.

Sneontojounen hâldden wy by dei op, en hiene dan in hiele lange joun ta ús foldwaen. Mem stookte de kachel mei hwat sjudden en tûkjespul, en sa sieten wy lekker waerm by elkoar. Sokke jounen fral rekke Pake op 'e tekst. Dêr mocht ik tige oer. It wie in hiele fordivedaesje yn ús ienfâldich bistean.

Op sa'n jountyd frege Pake, dy't doedestiids by ús Heit-en-dy ynwenne: „haw ik jim alris forteld hoe't dat einlik mei ús Mikkemuoi gien is?” Nou, wy hiene him wolris oer Mikkemuoi heard, en wy wisten ek wol dat hja mar mei ien each sjen koe, mar fierders wisten wy net folle fan it minske ôf. Hja wie dan ek al fier foar ús tiid forstoarn. Dat wy woene wol graech ris witte, hwat Pake oer har fortelle koe. Doe rekke er los:

It sil om 1840 hinne west ha, dat ús Mem op in jountyd thûskaem út 'e Wâlden wei. Dat thûskommen seagen wy altyd wakker nei út. O, hwat hiene wy der in mier oan dat ús Mem útfanhuze. Net dat wy it har forgun-

den: sa faek wie ús Mem de doar net út. Mar omdat it der dan yn 'e hûs sa bjusterbaerlik trochstrúpte. Mem út 'e hurdshoeke wei, de hiele boel yn trewyn.

Foar in inkelde kear wie Mem in pear nachten útfanhûs nei ús Metsjemuoi. Metsjemuoi wie Memme âldste suster, tweintich jier âlder as Mem. Doe't ús Mem noch net earlik in fearnsjier wie, stie jim' beppe al dea op ierde. Doe moast Metsjemuoi by Pake-en-dy's de hûshâlding waernimme en as mem stean oer in stik of tsien jongere bruorren en sisters. Sa krike hja doe in swiere sile to lûken. Gjin wûnder dat Mem by Metsjemuoi opseach as wie it har bloedeigen Mem. En as hja oer it ien of 't oare yn swierrichheit siet moast Metsje rieplachte wurde.

Metsjemuoi sels hie fan 's libbens rampen ryklik har part krike, dat hja koe 't wûndere goed forstean, as in oar it dêr mei to krijen hie. Hja troude, doe't hja fiif en tritich jier wie, hie trije berntsjes krike, ien wie jong forstoarn en ien, in dochter, dy't neit hja twa jier trouw west hie, der ek ôfrekke wie, en dan 'de jongste, in soan, dy't yn syn jonge dagen in lossen bruijer west hie en dêrby trouw mei in froumins dêrt er alhielendal mei yn 'e wrâld opgyng. Dat Metsjemuoi koe meastentiids har wille wol op. Lokkich hie hja ien treast, hja wiste det al hwat har oerkaem yn dit tydlike libben har fan Gods Heitehân taskikt waerd.

Sa kaem ús Mem op dy jountyd thús. Nou, dat wie ek tige goe hwant it stie der by uzes nuver foar. It wie to drok yn 'e gernierkerij om ús thús folle om it spul to bikroadzjen. It hûsoanfeijen wie der by bleaun en mei it itensieden wie it der ál sa'n koerts útnaeid. De eerste deis hiene wy gleon moal hawn, healnôch en gâns kliemerich en de twadde soe it rys wêze. Mar dat gyng raer. Tomin op it fjûr past. Us heit hie my de itensiederij opdroegen, hwant hysels hie der hielendal gjin forstân fan. Ik roun sa hwat ôf en oan, mar sloech meastepart fan tiid yn it tún om. Mar doe't ik wer yn 'e hûs kaem, slim hwat in baernderige rook my dêr yn 'e noas kaem. It rys oanbaernd, dat wie my dûdlik. Droech

sean, nou, dan moast der wetter ûnder. Ik der in kûle ynmeitsje en wetter der ynjitte. Dat holp — mar rom genôch. It rys koe dizze biwurking net forneare. In plof! En mei de plof spatte der in knoarre rys út 'e panne, alle kanten út. De ryskerlen sieten oan 'e spegel. Yn it kokentsje hawwe wy letter it aventûrlike rysmiel bihimmele, lekker smakke it net.

Doe't mem dy joune thûskaem gyng it earst bisûnder op in bearen oer de smoarge rommel. Ik hie it measte al hwat byinoar rûst, mar der wiene noch genôch printen fan oerbleaun.

„Dat komt fan dy útfanhûzerij fan ús mem”, sei ik noartsk. Mar doe seach Mem my sa muilik oan, dat it my daliks bigreate; dat moast ik der net útsmiten hawwe.

De joune, doe't alles to stoel en to bank wie, sei ús Heit: „Nou sil ik jim hwat fortelle: Mem hoecht net wer nei de Wâlden ta to útfanhûzjen”.

Dêr hearden wy in bytsje nuver fan op. Hwat wie der oan? Hiene Mem en Metsjemuoi rûzje hawn? Né, mar Metsjemuoi kaem wer yn Wetsens to wenjen.

„Wer yn Wetsens?” frege wy. „Hat se dan al earder yn Wetsens wenne?”

„Wel wis, hwat tochten jimme dan?”

„Nou, dat se altyd yn 'e Wâlden tahâlden hat.”

„Né, ik soe sizze, dat witte jimme wol better.”

Ja, wy wisten ek wol better, mar wy wiene sa fel wend Metsjemuoi foar in Wâldtsjer oan to sjen, dat wy koene ús hast net yntinke, dat se yn it foarige ek yn ús „gat fan in doarp” forkeard hie. Och ja, it wie ommers ek sa: Mem wie in Wetsemer en hoe soe Metsjemuoi it dan net wêze?

„Dus, Mikkemuoi komt wer yn Wetsens”, sei ik fuort dérop.

„Hwat seist' dêr”, frege ús Heit strang, „meistou skelle?”

Ik fielde, ik waerd read om 'e holle, mar ik woe my great hâlde: „Ja nou, Mikkemuoi, mei ik dat net sizze?”

„My tinkt fan net: hja hat mar ien each ta har fol-

dwaen, mar dêrom mijje wy har dêr gjin namme fan jaen."

„En hwerom net? It is ommers har eigen skuld dat hja har iene each kwyt is,” protestearre ik.

„Hastou dy net mei to bimuoijen”, sei Heit heech en dêr wie de saek mei ôfdien.

Mar ik prottele by mysels: moaije grappen. Heit hat it ús sels wolris forteld hoe 't hja har iene each kwyt rekke is. Hja wiene mei har trijen op 'e heagolle, de feint, de arbeider en Metsje, dy't doe noch in jongfaem fan achttjin jier wie. Doe't der wer in weide leech wie, rekken de feint en Metsjemuoi efkes oan it mâlfarjen, wylst de arbeider it hea noch hwat by de kant ynwâdde. Doe slingeren de beide jonge bazen de heagolle oer en Metsjemuoi rekke to fallen flak by de arbeider, dy't mei syn foarke noch hwat hea forsmite woe. En hoe koe it sa treffe: Metsjemuoi krekt mei it each yn 'e punt fan in foarketine. O, hwat hie dat fûleindige sear dien. Hja wist der letter neat mear fan hoe't hja by de golle delrekke wie. Dokter wie der ridlik gau by helle, mar dy koe oars net folle as de pine hwat forsêftsje, Metsjemuoi moast it ljocht út har rjuchtereach misse. En sont dy tiid „mikte” hja. „Mikkemuoi”, seine myn âldere broerren en sisters, en dat wie sa moai, dat moast ik harren nedich neisizze. Mar ús heit-en-dy wiene dêr net fan tsjinne. It mocht net. Né, en dat wisten wy ek wol. Iksels, de jongste fan 'e keppel, koe Mikkemuoi hast net ienris. Hwant Mem kaem wol by harres, mar hja kaem nea op 'e Klaei. It ein wie har to fier.

Dus, en Mikkemuoi kaem nou yn Wetsens to wenjen. Hwerre? Ja, dêr hie ik heit-en-dy noch net oer heard, mar ik hie it wol bigrepen. It earmhûs! Hwant Mikkemuoi wie earm, stôkearm. Hja waerd fan 'e fâlden ûnderhâlden. Dêr hie ik wolris praet oer heard. Hwat soe it minske ek bigjinne? Hja hie, neidat Omke forstoarn wie, earst in set mei de bolkuorren roun, mar dat koe hja net folhâlde. Hja wie der fierstento rimmetikich ta. Dat gesutel yn alle waer en wyn gyng har oer 'e meuch. Doe hie hja de hân ophâlde moatten.

It wie mei ûnderling goedfinen dat Metsjemuoi nei Wetsens tarekke. It minske wie in âld Wetsemer, hja woe hjer wol graech wer hinne, hja hie yn 'e Wâlden sa'n bult lijen trochmakke, en de dyakens makken der gjin biswier tsjin. Dat sadwaende . . .

It âld earmhûs stie midden op 'e terp. It wie in fjouwerkantige klibbe stien. Der wiene fjouwer keammerkes yn; ien hwat greater, mar dy oare trije wiene earmoedige krûpyntsjes, krekt keammerkes foar wyfkes allinne. It earmhûs wier it eigendom fan 'e boargerlike gemeente, de earmen kriegen har ûnderhâld foar in great part fan 'e tsjerke.

Sadwaende, op in goede middei kaem Mikkemuoi yn Wetsens oan, har bytsje hûsrie waerd brocht mei hynder en wein en hja koe har yn har berteplak nou mar deljaen. Moai sa, nou gyng ús Mem nea wer nei de Wâlden útfanhûs.

It duorre net mâlle lang of ik moast nei Mikkemuoi ta mei in foech boadskipke. It soppe by ús thús net sa tige rom, mar dêrom hiene Heit-en-dy jitte wol hwat foar in earm minske oer. En ik moast mei in prottelpoatsje op stap.

Hoe't Mikkemuoi der ris útsjen soe? Ik koe der my net folle foarstelling mear fan meitsje. Yn dy tiid gyngen de lju noch net op pertret, dat nei oanlieding fan in printsje koe ik se al net foar my krije. En it wie nou likernôch tsien jier forlyn dat ik se foar it earst en it lêst sjoen hie. Doe hiene Sanderom en Metsjemuoi de sulveren brilloft fierd. Dêr wie ik doe mei Heit en Mem hinne. Djip de Wâlden yn. It wie in hiele tippel, hwant it gyng mei it skoenmakkersweintsje. Ik wist it oars noch wol goed fan dy reis. Earst Dokkum. Doe oer de Wâldpoarte, dêr't doe jitte gjin tramstasjon to bikennen foel. Doe in bocht en letter wer in bocht, it tolhûs, in lyts bochtsje en doe, minsken, hwat in strielrjucht lang ein. Sa yn 'e simmermoarn tusken de beammen yn skynde de wei dêr suver fan út 'en blauwens. Hwat wie ik bliid dat wy op 'e Krûswei kamen. Mar doe wiene wy der noch net. Wy moasten in ein de lannen yn, in hiele bulte

fan sokke pitertuerlike sânpaedtsjes del en einlings: dêr hiene wy it spultsje fan Sanderom-en-dy. Myn âldere bruorren, dy't fansels to great wiene om mei Heit en Mem nei sa'n brilloft, hiene my al pleage dat ik nei „Mikkemuoi” ta soe, dat ik wie tige nijsgjirrich hoe't it minske der útsjen soe. En it wie ek in bytsje nuver: as hja jin oanseach, hie hja de holle sa'n bytsje oer-side en mikte. . . .

Hwat wie it oars in feest en in soad folk as dêr wie! De keamer siet proppendefol. Al dy Wâldtsjers seine mar wakker fan „dei” en „wel”, it hearde my wunderbaerlik oan.

En lekker iten en drinken as wy dêr kriegen! Dat wie my tsien jier letter noch net forgotten.

Dat feest hie it hichtepunt yn Metsjemuoï har libben west, sei Heit letter. Sanderom rekke oan 't sukkelen, it hie tiden duorre en nou nêst in jier ef trije wie er forstoarn. Al har oergarre sparsintsjes wiene opbrûkt, dat it waerd earmoed-troef, it ieneagige rimmetikige âld wyfke koe har net mear rôdde.

Sa ûngefear wiene myn oertinkings, doe't ik dy joune oer it Jellegatshout stoep en sa de Grytmanslannen lâns kuijere.

Mar mei in jong minske is it sin wol gauris hinne en wer, dat doe't ik it balstienreedtsje delkaem en by it Lykpaed opwannele, wiene myn swierwichtige oertinkings oer Mikkemuoi har libbensrin frighthwat forflein en fluitsjenderwize kaem ik by de terp op.

Ik die ûnder- en boppedoar iepen, pandere it ûnnoazele gonkje lâns en sà stie ik dêr lyk foar it doel fan myn tocht.

Dêr siet it krebintige minske op har âld knopstoel. Hja soe oerein komme, mar it foel har net ta. It hoegde om my fansels ek hielandal net.

„Navend, Metsjemuoï,” sei ik, „en hjir wie ik al.”

„Joun, jonge! Ja, nou leau ik al dat ik it sjuch, Fetse wel? Fetse fan Wepke en Gryt.”

Dêr is se al oan it jounjen en oan it weljen, tocht ik,

towylst ik lûdop sei: „Ja, hear, ik moat Muoike hwat molke bringe en in stikmannich bargemotsjes.”

„Jonge, jonge, hwat is de Heare dochs goed foar my”, sei hja en sloech de hinnen yninoar. „Hy foarsjucht foar my yn alles hwat ik brek bin. Hy is genadich oer siel en lichem.”

Ik hie oars yn dy tiid wol ridlik gau myn wurdtsje klear, mar ik wist net hwat ik hjir op sizze soe. Hwat komt hja gau mei de Heare op 'e lappen, tocht ik. Dat wie ik thûs sa net wend. Heit lies deis twaris út 't Bibel. wy hiene de hinnen gear by it iten. Heit brimde as it hannengear dien wie, wy gyngen trou nei tsjerke, mar fierders waerd der oer „it goede” nea net folle praet. Metsjemuoï wie oars, it kaem my yn 't sin, dêr hie ik Mem wolris oer heard, Metsjemuoï wie in „foroare” minske, Metsjemuoï hie „hwat ûnderfoun”, hja koe oer har „bikearing” prate. Dat gyng my foar dat stuit allegearre troch de holle. Earlik, dêr hie ik earbied foar. En doe't hja losrekke, sei ik mar hwat fan soa en ja en sahwathinne. Mar doe, hommels, bidoar hja it raeer by my.

„Doestû dêr niis oankaemste, hearde ik dy doe net fluitsjen?” sei it minske op bistraffende toan.

Ik de boarstels oerein: „Ja, nou, hwat soe dat.”

„Hwat dat soe, jonge, hwat dat soe?” heal mistreastich, heal forwitend: „witst' net, dy't fluitet, dat dy oan 'e divel fluitet?”

Dêr moast ik om laitsje. „Nou moat it net mâlder wurde, muoike,” sei ik, „dêr haw ik yn it minste met oer prakkesearre.”

„Ja, laitsje dû mar, mar it is sa. Biloof my en doch soks nea wer.”

„Nou, muoike, dêr leau ik nou neat fan. Alle jonges fluitsje wolris in deuntsje, en net ien fan uzen hat ea de divel by him hawn.”

„Pas op, jonkje, pas op hwatst' seiste. De Kweade leit altiten op 'e loer.”

Efter in hikke? soe ik frege ha, mar ik bidimme my. Lykwols, ik waerd noartsk. Hwat healwiis praet wie dit nou? Ik net fluitsje? Hwer hie dat âld wiif har mei to

bimuojen? Moast sa'n Mikkemuoi my it mannewaer opzisse? Ik sei dan ek rimpen g'navond en stiek wer op hûs yn.

De jouns fortelde ik yn geuren en kleuren hwat Mikkemuoi my foar de foetten goaid hie. „Leaut Heit der ien sprút fan, dat in minske, dy't fluitet, de divel opkommedearret?”

Heit soe fansels hastich sizze fan né, tocht ik. Mar dat joech in misrekken. Heit skeukte hwat op 'e stoel om en wist net hwat er bistammerje soe. Dimmen naem ús mem it wurd en sei: „Ja, jonge, dat haw ik ek wol gauris heard.”

Dér harke ik nuver fan op en ik foel dan ek út: „Nou moat it net mälder wurde; en dér hawwe jimme jitte nea earder oer praet.”

„Né, jonge, marre . . . ” en doe siet ús mem ek op it strân. „Sille wy mar ite? de ierappels wurde kåld.”

Ik mocht sokke opwaerme ierappels, mei in lekker brûntsje ûnder yn 'e panne, oars wakkere graech, mar dizze kear smakken se my net rjucht. Dat divelfluitsje-fraechstik siet my dwers yn 'e inage.

Lykwols doe't ik nei iten noch efkes mei Heit bûten-doar wie krike ik aerdich klearrichheit oer de saek.

„Sjuch, jonge, ik woe jim mem dér sa pas net sa bot yn tsjinfallen, mar hja leaut noch oan sokke dingen. Ik haw it der fakernôch mei har oer hawn, mar hja stiet der stiif op: har heit-en-dy leauden soks ek en ik wol der net mei bigjinne en narje mem dér mei. Hja leaut wol oan mear fan soks; oan spoeken en foargespins, oan tsjoe-nen en hekserij, en dat de divel him yn soks oppeneearret. Doe gyng der my in ljocht op. Wis, ús Heit hie gelyk en gean dér mar net to bot tsjin yn. Sok ding moat him fansels deljaen. En hy joech my de goede rie om Metsjemuoi dér ek mar net skean om oan to sjen, hja wie in bêst minske en miende it goed.

Dat wie it earste trammelantsje, dat ik mei Mikkemuoi bilibbe hie en it twadde soe ridlik gau folgje.

Jimme witte wol, wy ha altiten in ein bûten it doarp wenne, en foar in jong minske is hjir netolle fordiven-

daesje, dat dan moat men sels mar hwat útfine. Yn dy tiid fan nêst in sechstich jier bynammen. Yn dy snuorje krike ik in harmoanika, in spylding, dêr't ik al lang nei útsjoen hie. Mar it koe der net ôf om ien to keapjen. Grou trije goune gou sa'n ynstrumint en de gounen woechsen ús mem net op 'e rêch. Heit hie in gernierrike en it wie meastal in spultsje fan skjin op en skraech genôch. Lakkich dat myn bruorren der út gien wiene to tsjinjen, dy koene in moaije stûr oerhâlde en de kost wie ek gâns better as thús. Ik, as de jongste, moast thús bliuwe en ik foel ús heit al moai yn 'e hanner.

Lykwols einlings wie it safier. Der skeaten in pear sinten oer en ik oan 't spyljen. Jouns bûtendoar op 'e bank. Len fan myn kammeraten wie de kunst goed machtich en joech my om 'e nocht únderrjucht fan hoe en sa. Earst mar mei Psalm 81 bigjinne. Dat wie in spultsje fan op en ta, en de bassen joegen de nedige bigelieding. Op 't lêst koe ik al forskate psalmen en gesangen en Christlike ferskes.

Op in jountyd, doe't ik har in stoofke parren brocht hie, fortelde ik oan muoike, ik hie in nije rasp krike.

„In hwatte?”

„In rasp, muoike, en dér kin ik sa moai op tierelierje.”

„Op in rasp tierelierje?” frege Muoike yn 'e uteerde forwûndering. „in rasp brûke wy ommers altiten by de tsiis!”

„O, bigrypt muoike it net? Dan sil ik 't wol oars sizze; ik haw in harmoanika en dér kin ik al op spylje.”

Doe waerd it net better. „Dû in harmoanika?” sei se, sloech de hanner yninoar en seach mei har iene each my sâ bistraffend oan, dat ik net wiste hoe't ik my hâlde en drage moaste. „Witstu dan net dat dér divelskinsten mei úthelle wurde?”

Dér wie 't wer sa: de divel moast der wer by to pas brocht wurde. Mar ik tochte oan heite sizzen en dêrom skampere ik safolle net as de earste kear.

Ik sakke ridlik gau ôf en frege dy joune Heit om tekst en útliz. En ik murk, ik wie oan it goede kantoar.

„Sjuch”, sei er, „it gyng der hjir yn it foarige to Wetsens wolris rûch troch. It jongfolk siet fêst op syn pôltsje, hwant grintwegen wiene der doe noch net, de reden wiene by't simmer ien stik moude en yn 'e koarte dagen by hwannear it net frear, allegearre blabze. Dochs woe it jongfolk syn fortier ha. Sanderom koe harmoanikaspylje. En hoe gyng it dan. Sneontojounen ek wol op Snein by âlde Freark yn 'e kroech. Dy hat wenne yn de winkel, krekt it earmhûs foarby. Dan siet Sander, dûknekkich baeske as er wie, op 'e tapkast en it jongfolk hoste en dounse dêromhinne, dat de pannen op 'e skoarstiensrichel der fan dinderen. In dronkenmanstroep wie it faek. Sels froulu dienen der oan mei. En der waerden wakker ûnfoege lieten útgalme. Dêr hat Metsjemuoi har ek wol oan bisûndige. Hwant hja koe der hwat mei yn har jonge dagen.”

„Ja, dat haw ik wol yn 'e smizen, en nou is se sa froed as in protter, dy't to brieden sit.”

„Fetse, jonge, haw dêr de gek nou net mei! Dû witst hoe't hja har iene each kwyt rekke is en dat hat har ta neitinken brocht. Ik kin my wûndre skoan bigripe, dat hja min oer in harmoanika to sprekken is, hwant dy bringt har dewyldepûsterij fan har jeugd wer yn it sin.” Nou ja, lyk as Heit dat útlei soe it wol sa wêze.

Nochris kaem dêr in trammelantsje oerhinne.

Ik moast ris wer mei in briedtsje nei it âld earmhûs. Hja wie oan 't bibellézen. De holle in bytsje op 'e side fanwegens dat iene each, wylst it ljocht fan 'e jounsinne har oer 'e ynfâllene troanje glied. Dochs wol in aerdich gesicht sa, tocht ik.

Doe waerd hja my gewaer. „O, Fetse, jonge, bistû dêr?”

„Ja, ik, hielendal en libbensgreat.”

„Kom, jonge, net sa idel. Witst' wol dat wy fan ider idel wurd, dat wy sizze, rekkenskip ôflizze moatte?” Dêr wie 't wer sa: âld Mikkemuoi moast my wer bisedemasterje.

„Och, muoike moat it allegearre net sa slim ynsjen mei my”, sei ik en lake der hwat oerhinne.

„Jonge, dou moast ek net sa laitsje. Dat kin net bisteane. Witst' wol hwat ús fromme âlde Jankmuoi sei, doe't dy in lyste poppe foar it earst laitsjen seach?” „Ikke net en dy fromme âlde Jankmuoi kin my ek in bitter bytsje skele.”

„Net sa súndich, jonge! Nou it âld minske sei: „Het eerste lachje, de eerste zonde”.”

„Prachtich!” sei ik, „sei dat âld wiif dat yn't Hollânsk? Is dat ek in tekst út 'e Bibel? Ik soe sizze: by myn witten net”.

Dêr foroare muoike al in bytsje fan. „Nou, né, yn 'e Bibel stiet soks net, dat stim ik mei. Mar âlde Jankmuoi wie in from minske en de Geast kin it har wol ynjown ha”.

„Der stiet neat fan yn 'e Bibel en dêr hâld ik my oan, oars soe elk by syn eigen bonken wol hwat optinke kinne. Dat wurdt in gefaerlik spul, tinkt my”.

Lykwols, Muoike wie net fan 't stik to bringen. In from minske, dêr moast men heech by opsjen. Dêr hiene jy ek dy âlde fromme skriuwers, fan Gods Geast laet, hwat sprieken dy swiere en djippe wurden.

„Och, ik haw it mei dy âlde hearen op in pypfol”.

„Dû bist noch in jonge spotfûgel. Letter sille dy de earen ek noch wolris bikauwe wurde”.

„En ik hâld my oan it ferske dat ús mem my leard hat:

De Bijbel is
En blijft gewis
Het beste boek op aarde;
Zoo vol van troost
Voor Adams kroost,
En 't schepsel 't hoogst in waarde”.

„Dat is wier. Mar ik moat dy dochs hwat sizze. Smytegelt en Brakel binne der ek. Us mem plichte altyd to sizzen: Dy't de Bibel en Brakel hat, hat genôch foar libjen en stjerren”.

„Nou, miskien beppe wol, mar ik wol der ek wol ris hwat oars by ha. Mar hwat ik sizze woe: kin muoike

de Bibel sa noch wol lêze? Dy âlde druk is dochs slim,
tinkt my".

„Slim, seistû? slim, jonge? Stumper né, soks is neat net
slim to lêzen. Bûtendat, ik mei de Bibel yn dy nije
druk net rûke. By my komt nea sa'n Bibel binnen
doarren. Nije druk? Krantedruk is 't en oars neat."

„Nou muoike, lit it dan mar krantedruk wêze, mar it is
folle moajer en makliker. De wurden sille der wol neat
minder om wêze."

Ik koe fieie, neffens har ynsjuch miste de Bibel gâns
hwat fan syn hilligens, by hwannear't dy yn in
nijmoadrich pakje stutsen waerd, mar hja woe it fier-
ders mei har wurden net blike litte. Ik praeette dus mar
troch en hie it oer Traktaetsjes en Vliegende Blaedtsjes,
dy't Muoike wol lies en dy't ek yn 'e nije druk yn it
ljocht kamen. „En binne dy net moai?"

Dat soe de âlde my net ûntstride, mar dy waerden
almeast drukt foar de minsken, dy't „bûten wiene". De
ûngelovigen bidoelde hja.

Thús fortelde ik wer aan Heit, hoe't Mikkemuoi oer de
saken tochte. Heit bêdde my del en sei: „Ja, jonge, hja
is noch fan de âlde stimpel. Mar hja mient it goed.
Geastlik sjucht se de dingen skean en fan ien kant"
(mikt se, tocht ik) „mar hja mient hwat hja seit. Lit har
gewurde. Dû bist noch to jong om sa'n âld minske goed
to bigripen. En har to plak sette, dat past dy alhielandal
net."

Heit praeette dy joune hiel rjuchtút mei my oer from-
mens en Godstsinst en dat die my goed. Ik hie wolris
tocht, dat soks by uzes thús gjin sprekken lije koe. Mar
ús Heit wie alhielandal net in flap-út.

„Der binne wol dingen, dêr't Metsjemuoï in goed ynsjuch
yn hat. Hja seit dat Dûmny Douwes ús net it
rjuchte Evangelje bringt. Net praeet oer in earm sûndaer
en in rike Jezus Christus. Jezus is oars neat as in
great foarbyld, biwannelje it paed fan de deugd en
dou komst to plak. By him is gjin plak foar de genede.
Mei twa hynders foar de wein ride wy by ús forstjerren
de himel yn. Mar dat is net wier. Sûnde, forlossing en

tankbrens, dy trije stikken en de ienige treast by Jezus
fine, dat is it hwer't wy mei herte en siele by libje
moatte. Metsjemuoï giet oars net as nei Wetsens
nei tsjerke ta en dat is om 'e oare Snein ienkear,
hja fielt har net bifredige, en dat kin ik my skoan
bigripe. Ik soe al sa graech hwat oars hearre wolle."
Ik hie dy joune gâns to forarbeidzjen.

Doe barde der hwat to Wetsens, lyk as der nea earder
foarfallen wie..

It wie Sneintomoarn. It folk wie yn tsjerke. Dûmny
stie to preekjen. Hy wie sahwat midden yn syn preek
doe't der fan 'e toersein hommels in nuver lûd weikaem.
As forsakke de hiele tsjerke en kamen der stienen del.
En doe, ynienen, in grote plof! Geweldich! Efter yn 'e
tsjerke kaem in iepening en in lawine fan stof en kalk
en stiengrûs dwarrele oer de minsken hinne. Hja stou-
den út 'e banken, regelrucht op it fjouwerkant yn. Yn
in geswind wie Dûmny ek fan 'e preekstoel en stie by
de triljende en oerstjûre tsjerkegongers.

De oarsaek? Neat mear of minder as de toer wie om-
fallen. Lokkich net oer de tsjerke hinne. De measte
stiennen laeijen oer it tsjerkhôf en it hoantsje fan 'e toer
laei yn 'e tsjerkehôfshage. Sa roun dit ûngemak ôf sûnder
dat it minskelibbens koste.

Doe't de earste skrik bidarre wie klauden de minsken
oer de brokken stien hinne, dy't rynrank by de kapotte
peilsdoarren laeijen en bisauden har bûtendoar oer har
ieuwenâlde toer, dy't him op sa'n ûngelegen stuit bijown
hie. It duorre gâns in set ear't de Wetsemers wer op for-
hael wiene en hja kamen dy oerdeis ek net to Ealsum
yn tsjerke.

De oare jouns moast ik ris wer nei muoike. Mei in pear
mingels bjist.

„O, hwat is de Heare noch goed oer my," dat wie
sahwat it earste dat ik to hearren krige.

„Ja, wy tinke wol om Muoike, al pleaget Muoike my
wolris," sei ik mei in skean each.

„Ik him pleagje?" frege se forheard, „ik mien it
ommers goed mei him." „Him," sei se gauris tsjin my,

as hja in goed sin hie en my ûnder de hân hwat bisedemasterje woe.

„Raer gien juster,” sei ik, „is Muoike de skrik al hwat to boppe kommen?”

„Skrik? och né, sa bot bin ik der net kjel fan wurden. Wit hy wol hwat ik tochte, doe't dat lûd yn 'e tsjerke kaem?”

Né, dat wist ik net fansels.

„Och, ik tochte, dit is de lêste dei. Soks stiet ek yn 'e Bibel. De Heare sil mei in gerop komme. It klonk as in bazuin. En dan hie it ommers wol goed west.”

Né, ik hie net tinke kinnen dat Muoike soks yn 'e holle siet. Mar winliken ek wol. Hja siet fol fan it forganklike fan it ierdske, it wiffe fan ús bisteau en de takomst fan de Heare Jezus.

„Mar doe't ik fornaem dat it de toer wie, tocht ik oan hwat oars.”

„O ja?” It soe wol wer bryk wêze, ornearre ik.

„Sjuch, de toer is omfallen om't Dûmny Douwes fierstolicht preket. Hy giet der mar in bytsje oerhinne. Lês marris hwat Brakel yn syn „Redelijke Godsdiest” seit. Dy bringt in minske earst goed yn 'e dijpte, om him letter yn 'e hichte to helpen. Nou komt Gods hân ús tsjerke tsjin. En dêrom is de toer omfallen.”

Hwat in koartsichtigen, tocht ik. De toer is omfallen omdat de boeren net eardernôch oppast hawwe en steun him. Soks liet ik har ek hearre. Mar soks wie it âld minske net oan to praten.

Op in oerdei fan it jier 1841 wie der to Wetsens yn 'e tsjerke greate forgearing fan de floreenplichtigen.

De measte rommel laei hwat oan kant, in sket wie foar de iepening stein en sa koe de saek efkes marsjearje. Soks wie fansels net op'en dûr. Der moast rie skaft wurde. Dêrom moasten de floreenplichtigen rieplachtsje oer hoe't it nou soe. It die al ridlik gau blikken, dat it in wyndrige gearkomste wurde soe.

Skeane Sweitse, in boer fan it Wetsemer Heech, die earst it wurd. Hy hie it lang wol oankommen sjoen, dat

fan dy toer. It wie ommers allegearre barsten en skuorren. Wûnder dat er net earder healjoun nommen hie. Dat hy hie der gjin sin oan en bitelje hijr ta. Hie men der op 'e tiid by west, mei in bytje kosten hie it spul wol opmakke wurde kinnen. Gjin toer wer, om him. Omke Tabe, dy't aerdich opgong yn syn libben makke hie, tocht dêr oars oer. Hy hie dy skuorren ek wol sjoen, mar it wiene ôfwikings yn syn gehiel. Hoe hie Sweitse it ha wollen? Mei in dommekrêft sa'n toer wer bydraeije? Dat hie slim gien. De toer moast wer opboud wurde, tocht him.

De iene helte joech Omke Tabe gelyk, de oare hâldde it mei Skeane Sweitse. It waerd op 't lêst in gerop en in getsjier yn inoar om fan hwer kom jo wei. „Net wer opbouwe,” waerd der roppen, „it kostet in slompe jild en hwat hat men der foar?”

Tabomme oanhingers woene ha, der soe wer in toer komme, al wie it dan mar in foech spinaeltsje.

„Nél!” skreauen de oaren dêr tsjin yn, „dat is neat wurdich, wer in âlderwetske stompe toer en oars alhielandal gjin. Dat is ús suver likefolle!”

„It sil de eare fan Wetsens dochs toneikomme, as wy gjin toer wer krije,” waerd der oppere.

„Mar,” sei in oaren, „dat kostet sinten, litte de foarstanners dan strak marris goed út 'e hoeke komme.”

Sa gyng it op in hottefyljen.

It eintsjebislút wie: gjin toer. It plak, dêrt de âlde stien hie, soe tichtmitsele wurde, in bingel foar 't liedien koe wol bûtendoar yn sa'n foech houten hûske hingje. Sadwaende bistiet de Wetsemer tsjerke út in âld ein, foar in great part fan douwestien opmitsle, en in mij eintsje opboud fan giele klinkerts.

Doe foel it my in bytsje ôf fan Muoike. Ik hie de forhoping, hja soe it boerebislút fan „gjin toer” wer tige misprûzje. Wie dit nou spul? In Godshûs sûnder toer? Wiist in toer net nei Boppen? Nei de himel sels?

Lykwols sa tocht hja der net oer. It wie winliken sa: de boeren hiene gelyk. It koste by 't hânfol jild. Men

koe de sinten oars wol brûke. En oars, lit se mar yn 't laedtsje lizze.

Hong Mikkemuoi dan noch oan it ierdske goed? Dat woe der by my net yn. Hja praeitte ommers altyd oer de idele dingen fan dizze wrâld.

Sa sei ik dy joun ek tsjin ús Heit. Mar dy makke him der hwat ôf.

Doe tocht ik, ik sil Mikkemuoi jitris kidelje. Yn gjin tiden hie ik oer myn rasp praet. Mar ik hie my goed oefene en mei help fan myn muzikale kammeraet forskate wyskes der yn pompt. It wiene meast berneferskes, mar ek wol sangen út it Menniste Hazeuboek, hwant wy wiene fan âlds noch fan Menniste komôf. Doe ik op in jountyd mei myn rasp en myn goede foarnimmens nei Mikkemuoi. Hja soe wol raer guod opjaen, mar dat moast syn hert mar ophelje.

Ik trof it dochs bysûnder. Muoike bimuoide har gewoanlik net folle mei de oare wyfkes fan it earinhûs, âlde rattelskûtten dy't it wiene, mar foar dizze kear hie hja ien by har op in jounpraetsje. Moai sa, twa âlde wiven tagelyk. Gaedlik auditoorium by myn muzikale kunsten. Och, hwat spriek dêr in tsjinsin út Muoike har iene each. Sa'n wrâldsk ding en dat by har yn 'e hûs. Hja hie sa krekt mei âlde Achtsje oer it goede praet: de lêste wurden kamen my noch tomjitte. En nou ditte!

Dêr stapte ik mei myn wrâldsk spylark oer 'e drompel.
„Sille wy ris efkes los, muoike?”

Muoike skodholle. Grif tocht hja foar dat stuit oan in harmoanika yn in kroech by in dronkenmanstoaniel. Lykwols, ik sette it ynstremint op 'e loftekniibel, poende hwat mei de bassen om, lei mei it iene ear tsjin de rasp oan en dêr gyng it hinne. Steatlik en wol. Psalm 81 fers 11, en ik song der by.

Och, hwat foelen dy âlde wyfkes doe yn 'e side. Mar dit wie moai. Al ridlik gau hellen hja mei har draeijerich en trilderich lûd mei op. Doe't it út wie moast ik mear Psalmen en Gesangen spylje.

Ik helle mar op, it iene ferske nei it oare.

Doe kaem de biis wer by my boppe. Ik spile: Al is ons

prinsje nog zoo klein, mar ik song der net by. Doe tocht hja, dat is Die in de Mei geboren is, en dat wie sa'n wrâldsk sankje, dêr moast hja neat fan hawwe. Har loft biloek. Mar doe't ik it ferske song, kaem de sinne wer troch de wolkens. Myn lêste ferske wie:

Waarom gehaakt naar geld en goed?
Tevredenheid is meer;
Een vrolijk hart en krachtig bloed
Geeft mij de lieve Heer;
Hem prijz', waar ik zooveel ontvang,
Mijn morgenlied en avondzang.

Muoike wie alhielendal orémus. Jonge, dat soks yn my siet! En dat ik sa'n poarsje Christlike ferskes wiste. Hja koe der wol in stikmannich fan, mar allegearre lang net. Oft ik se opskriuwe woe en in folgjende kear meinimme. Dan woe hja dy ris oerlêze. En meisjonge. Sa skoan hie it har foldien.

Sûnt dy tiid wie it waer alhielendal omslein. Mikkemuoi krike foar 't forstân, dat it mei my gjin klearebare mallichheit wie. En ik learde har frommens weardearjen, al wie dy ek iensidich, lyk as Heit my útlein hie. Ik waerd sa'n bytsje har fortrouweling en hja koe sa oandwaenlik út har libbensrin fortelle. En ek oer har útsjen nei de himelske hearlikheid.

Trou biwarre hja har Traktaetsjes en Vliegende Blaedtsjes, al wie it mei de ynhâld wol sasa. De Hillige namme fan Jezus kaem dêr yn foar en men soe der jin oan bikweadigje en baern soks op.

Hja fortelde my ek hoe't hja oan har Sander kommen wie. „Dû witst wol, fan âlds komt ús folk út 'e Wâlden. Dêr mochten wy by't simmer graech ris in dei hinne. Nei ús neven en niften. Op in Sneintojoun kuijeren wy to Damwâld de buorren op en del. Dêr rounen trije feinten foar ús út. „Hokker fan dy feinten soest' nou leafst ha?” frege nicht Wytske. Ik hie se net ienris sa lyk opnommen, en sei sa mar op 'e roai wei: „Nou, de middelste, fierwei”. It like, dy mid-

delste koe dat rûke, hwant dy joune gynge er mei my en letter kaem er to Wetsens by de boer. Lykwols, doe't wy trouw wiene, die it blikken, Aleksander, hwant sa hiet er folút, koe op 'e kâlde klaei net aerdzje. Dêrom hierden wy dat spultsje ûnder de Falom. Dêr hawwe wy fôrskate lokkige jierren trochbrocht. Mar jim omke is foarstoarn, hoe't it mei ús bern gien is witst' wol, en nou sit ik hjir to Wetsens yn it Earmhûs".

Wis, sa wie it. Ik fieldie it wémoedige dêr fan. Us folk is fan âlds boerefolk, steatlik en heechhertich. En as men yn in earmhûs to pal komt, hwer bliuwt de gloarje dan?

Dochs wie der by har eat fan de âlde graesje oerbleaun. Men koe it sjen aan Mikkemuoi har wentsje. Muoike har foargonster hirre wie in earste slobberdoes, smoarch, dêr wie de ein fan wei.

Mar hja hie alles yn 'e puntsjes, it wie sa skjin as de brân, gjin stofke to finen by plinten ef blinen. En soks by sa'n krebintich âld wyfke. It moast kreas wêze, al soe hja it ek bikrûpe.

Lykwols, al wie hja nou yn it earmhûs, hja wie tankber. Hja hie, sei se, der ek wolris oars ûnder stien. Doe't alles har by de hinnen om't ôfbriek, doe't hja har beide dochters ôfstean moast oan it grêf en doe't Geale it forkearde paed opgien wie. Ja, hie hja wol goed op him tasjoen? Syn aerd wol goed bigrepen? Dat hy neat mear leaude, it die har sa sear. Dan hie hja ek har eigen „boezemzonden" en hja wiste: Gods folk sündiget net goedkeap.

Ja, hwat soe ik fan dat lêste sizze? Letter haw ik wol bigrepen hwat Muoike bidoelde, mar doe gynge it my noch oer 'e füst. It soe him wol yn har iensidige koartsichtigen sitte, dat hja sa prætte. Sokssahwat sei ik har dan ek.

„Och jonge, hy wit noch net heal, hoe archlistich it minskeherte wêze kin", wie har biskie.

Né, dat soe sa wol wêze, mar Metsjemuoï wie in goed minske, tocht my.

Doe't ik ôfstiek frege se my: „Komst' ekris wer mei dyn harmoanika op Wetsens?"

„Wis wol, as ik muoike dêr in deugd mei dwaen kin".

„Nou, dat moat mar gauris wêze. Yn nije wike Tongersdeitojoun. Dan sil ik âlde Achtsje ek útnoegje".

„t Komt klear, hear muoike".

Dy joune kaem en wy hellen alle lietsjes en wyskes op, dy't ik mar bitinke koe. Ik murk, muoike hie goed yn myn útskreaune sankjes omstudearre.

Doe barde der hwat bysunders. Ef forbylde ik it my mar?

Doe't wy it ferske: Waarom gehaakt naar geld en goed, ynsetten, songen Achtsje en ik mar togearre. Ik loerde alris skean ta de hoeken fan de eagen út en murk, muoike seach ûnforskillich en kipe ris troch it finster. Men soe sizze! Mar ja, sokke dingen ha jy yn 'e wrâld! Doe't ik thûskaem, wie it my noch net dûdlik. Achtsje koe it ferske wol en muoike net. Hoe koe dat sitte?

In jounmennich letter, ik wer mei myn rasp nei de terp. Myn kammeraet sei alris: „hwat hastû dochs altyd by jimme Muoike te forstriken? Dû wurdst fêst har iennichste erfgenamt, wol 'k leauwe," mar sok praet steurde ik my fansels net oan.

Wer sjonge. Wer stûke it by: Waarom gehaakt.

„Moai fers, maklike wize", sei ik sa ûnderdúmskenswei tsjin muoike.

Ik seach, dêr skrok hja fan. Mar hja moast har goed hâlde, dus hja knikte. Foartdérnei murk ik, hja hie it tige krap. Wreau wakker yn 'e eagen om.

Hwat sokke âlde minsken al nuvere oanslaggen, sa kinne. Hwerom dit fers net meisjongs? Hinget hja sadanich oan jild en goed, en hja bisit it net iendris? Hoecht der ek net mear nei út to sjen. Meitsje dêr mar gjin steat op.

Of sit har de boereheechheit yn 'e wei? Is hja der muilik ûnder, dat hja gjin eigendom mear hat en yn it earmhûs ûnderhâlden wurdت?

Doe't ik heit der nei frege, koe dy my ek al net út 'e dream helpe.

In jier of hwat hat ús âlde Mikkemuoi dêr sa tahâlden.
Har buorwyfkes forreizgen de iene nei de oare, der
kamen wer nije biwensters yn 'e lytse keammerkes.
Lju, dy't hja sa goed net koe en dêr't hja gjin oanhâld
oan hie.

Ik sels weardearre har hwat langer hwat mear. Hja
miende it jin tige, al wie hja dan hwat optwingerich
godstsjintich. Gauris hie hja it oer har boezemzonden
en dat Gods folk net goedkeap sündiget. It wie suver
oft hja dêr in striid mei hie.

Om't ik fan har hâldde, koe ik wol hwat fan har op.
En hja bigriep, ik wie lang sa'n spotfûgel net as dêr't
hja my earst foar oansjoen hie. Sa kaem hjir in freon-
skip tusken âld en jong.

Lykwols, mei it sjongen fan: Waarom gehaakt naar
geld en goed, woe it nea net flotsje. Stadichoan krike
ik der erch yn: al hoe folle hja nei de himelske dingen
útseach, hja hong dochs ek noch wol oan it ierdiske.

It wie op in middei nei de haeijing. It hea siet oan
't blok, op 'e bou wie neat mear to forstriken en sleat-
hekkelen wie in warkje, dat net bysûnder dreau. Sa-
dwaende hie ik ris in dei foar 't omdideldentsjen. Heit,
oars in stûfe baes yn it wark, mocht der foar in kear
wol oer en strûp de sile út.

Fan skoaljunge ôf mocht ik graech oer fiskjen. It wie
sok moai wûrk: koark nei ûnderen, ophelje, wytskob-
bige fisken yn 'e hichte slingerje, drippen, blinke yn in
sinnestriel en se ta bislút yn it sâltspûtsje triuwe.

Sa wie ik op in moaijje moarntiid mei it fiskark der op
út, en en it hie my in flinke fangst oplevere. Us mem
wie der wakker mei op 't snijt, mar ik moast se sels
kopje en gromje, sei se. Bêst, ik der mei dwaende.
Doe't myn kreweli biret wie sei mem: „dêr mochtst' ek
wol in soadtsje fan nei Metjemuoï tabringen.” Dat
wie my goed en ik der nei iten mei op út.

It âld minske soe nei iten wol efkes sitte to knikke-
boljen: (soks wie mei de armhûsyfkes fêste ge-
woante) ik koe har ris moai oer 't mat komme.

It wie allegearre wakkere stil op Wetsens. De fruchten

stiene op 'e terplannen yn folle fleur. Hja hiene it lân
yn, wjûden wie der dus net mear, en de mânlju wiene
de greiden yn to stikeljen ef to skjinbûtsen. In pear
froulju stiene op it bjinhout en fierders like Wetsens
wol útstoarn.

Stadichwei pandere ik by it Lykpaed op en teante nei
Metsjemuoije keammerke: it âld minske moast my
daliks net fornimme. Hja soe wol sitte to slûgjen en
dan scoe ik hastich nei de klink fan 'e doar gripe. „Hè”,
soe se dan sizze, „dû soest jin in skrik fan 'e lea ôf-
jeije,” hwant dat wie sokke tiden har praet.

Lykwols dêr kaem it foar dizze kear net oan ta. Ik loerde
skean troch it rût en seach dêr gjin slûgjende Mikkemuoi,
mar ien dy't klear wekker wie. En foar har op
tafel hie se in lange rige gounen, moaije blanke
gounen, ik leau fan wol twahûndert. In doaske stie yn it
thébleidsje, in sierlik doaske, flewiel mei sulveren
hoeken en bislach, dêr wiene se fêst útkommen. Hwat
soe ik? Har kelmeitsje? Yn gjin gefal. It wie it bêste
en stek mar ôf nei hûs ta, en siz tsjin Heit-en-har, ja
hawatte?

Mar dêr seach it âld minske ynienen skril op, grif wie
myn skaed troch har finster mei de kouwerûtsjes fallen.
Doe seach se my dêr stean.

Nea sil ik dat gesicht forgitte. Skrik, forsleinens en
lulkens, fan alles stie dêr op to lêzen. Ik koe sa gau net
foartkomme, oars hie ik der útmetten. Hwat koene my
Mikkemuoi har blinkende gounen skele? Hommels krike
ik it foar 't forstân: dit wie it! hjir seach ik Mikkemuoi
har „boezemzonde” op tafel lizzien.

Der wie nou neat mear oan ta dwaen, ik stoep it keam-
merke binnen. „Hast' it sjoen?” hime se. Ik knikte fan-
sels; sa wie it: ik hie it sjoen.

„Net sizze! Tsjin gjin minske sizze!”

Der wie my yn 'e hûs altiten foarhâlden: ik mocht net
fan de iene nei de oare prate, dat wie foar my net sa'n
great biswier. Allinne, mocht ús Heit it ek net witte?

„Jimme Heit? Och ja, mar it moat net ûnder de
minskien.

„Fan my net, muoike.”

Dus, dat wie Muoike har geheim. Har sûnde, in ding dat net mochte. Hja hie sinten efterútmoffele. Mooglik fan har bidriuwke, doe't dat om skuld forkoft waerd, of dat hja mear fan de diakens bigearde as foar har libbensùnderhâld fanneden wie. Mar har hâlding hie in leagen west, grif al jierren oanien. En dan sa'n from minske! Ik joech har mar gau myn soadtsje fisken oer. Doe gyng ik wer op hûs yn. Sjesa, nou koe Mikkemuoi har sulverlingen mar wer yn it flewielen doaske dwaen. Fordoarn wie myn dei. Dat wie nou dat minske mei har praetsjes út 'e Skrift. Dat foroare minske, dat altyd op „it goede” omtsjantele. It kaem al út op it sizzen fan myn kammeraet: it is mei de fine lju as mei de stofrein: men komt der mei op in bidragen ein. Finen en blinen! Hûchelderij, jonge, tink der om. En dan dy lju, dy't smeule op it jild as it ierdske slyk! Nou, nou, de driven binne sûr salang men se net krije kin. Mikkemuoi wie dus wol in echte Mikkemuoi, hja seach sa skean as hwat. Har bistraffings, dy't se my bytiden tatsjinne hie, wiene dus oars neat as bideksels fan eigen kwea. Leagene hie se, en stellen hie se, en hja hie har stikum forlustige yn 'e klank fan it sulver. En dat wylst hja al mei de iene foet yn it grêf stie. Dêrby sa liep as in âld hin: it jild op 'e lappen helje as Wetsens yn 'e middeisrest is.

„Hwat sei Metsjemuoi fan dyn presintsje?” frege Heit.

„Dy âlde njirre? Dêr kom ik noait werl” foel ik út.

„Hwat nou? Stie de gave har net oan?”

„Dêr wit ik neat fan, mar wit Heit wol, dat dy âlde Mikkemuoi ûnder it jild sit? Hja hat wol twa hûndert goune yn it laedtsje.”

Heit bisaude. „Hwatte? Twa hûndert goune jild? Dat kin net.”

„Nou, as dat kin! Ik haw it foar myn eigen eagen sjoen!”

Heit wist net hwat er der fan tinke moast. Ik wie net in great jonge mear, sei er, oars woed er neat fan myn praetsjes leauwe.

„Mar hwat moat ik nou fan Mikkemuoi har fromme praetsjes leauwe?” sei ik noartlik.

Ja, dêr siet Heit ek al hwat forlegen mei. Mar op 't lêst sei er: „Ja sjuch, elk minske hat syn lek en brek, dou moatst net tinke dat in from minske gjin sûnde mear docht.”

Né, dat hie 'k bigrep. Mar sa'n set yn 'e sûnde libje, wakker oer „boezemzonden” kleije en wilens dy sünden oan it hantsje hâlde, dat like tominsten op neat.

„Klage se dan wol oer boezemzonden?” frege Heit.

Wel ja, dat hie ik faker as ien- en twakear heard.

„Dat is yn elk gefal in teken dat se it der noch wol mei to dwaen hie.”

Moast der ek noch bykomme, dat se it der net mei to dwaen hie. Dan wier it dwers troch alles hinne.

Nou, dat soe dan wol sa wêze, mar myn dei wie forjown, prottele ik. En ik kom nea wer by Mikkemuoi.

Doe, it wie sa'n wike of trije nei dy rare úntmoeting, dat der tynge út it Earmhûs kaem, Heit moast gau komme, it stie der mei Metsjemuoi min foar. In biroerte! Heit der hinne. Wis, it like min. It soe wol gau ôfroun wêze. Lyts protsje minske laei dêr yn it bedsté, en ek har ljochte each wie djip weisonken.

Lykwols, har gesicht forheldere, doe't se Heit oankommen seach. „O, jonge . . . hwat hie ik in langst om noch . . . ienkear mei dy to praten . . . O, myn boezemzonden . . . né, Gods folk sündiget net goedkeap Ik haw noch in tige striid hawn . . . Hwant . . . ”

Der kaem in flauft.

Noch ienkear kaem se by. Hymjend brocht se it der út: „Jezus . . . hearlichkeit . . . ”

Noch in inkeld snokje en Metsjemuoi wie, wis al, tein nei it Heitelân hjir boppe, nei it Parredys. Mar doe't Heit dy joune thûs kaem, woe dat earst net rjucht yn my del. Dy't yn 'e himel komme sil, moat op ierde dêr nei libje, mei in moai praetsje is it net to heljen. Och, jonge minsken binne nou ienmel „radikaal” yn har oardieljen.

„Oan God it oardiel oerlitte,” sei Heit.

„Gods folk sündiget doch net goedkeap”, hearde ik dy joune Heit tsjin Mem sizzen. „As Metsje har hert net set hie op dy inkelde gounen, dan hie ús jonge dêr safolle misse wurden net om sein.”

It wie in trystige neisimmerdei doe't Metsjemuoi to hôf brocht waerd. De tsjerkhôfsbeammen dripten fan in tsjûke damp, dy't by tiden yn in stourein oergyng. It lûd fan 'e bingel bymbamme sa treurich oer de Wetsumer leechlannen.

In lytse skare folge it lyk. Us omkes en muoikes wiene lang allegearre net kommen. Sanderom hie gjin neije sibben mear. Muoike soan, neef Geale, dêr 't ik safolle, nuvere staeltsjes fan heard hie, gyng as neistbisbbe efter it lyk oan, en dan folge de oantroude neef Skelte, dy 't sa ier syn frou forlern hie. Hy wie wer troud en dizze twadde frou wie ek meikommen.

It soe my ris niget dwaen, hoe't dy forneamde neef Geale him hâlder en drage soe. Nou, djip foelen Dûmny's wurden net yn syn herte, dat wie to merken, mar hy koe wûndre skoan syn fatsoen biwarje. Dûmny koe him net folle nijs fortelle, dat wy allegearre stjerre moasten, wist er wol, lûstere hy ús Heit yn.

Ik wist net, hwa't it measte nei de ein fan Dûmny's rede yn it sterfhûs forlange, neef Geale of ik. Hwant ik siet op hjiitte koallen, hoe't it strak aenstouns ris ôfrinne soe, as it oan in forpartsjen takae. En Geale hie fan Dûmny's praet skjin syn nocht, dat wie oan alles to sjen.

Einlings wie it dan safier, dat Dûmny ús allegear de hân joech ta ôfskie.

Sa bleau de famylje efter. Metsjemuoi beide bruorren en ús Mem woene út it erfskip jerne noch in lyts oantinkentsje hawwe, fierders moasten de bern der mar mei rôdde. Ik murk wol, Heit en Mem sieten ek al to hâlden en to kearen, hoe't it ris útlotsje soe, as al dat sulverjild op 'e lappen kaem.

De bern klauden hwat yn it kammenet om, elk krige in fodtsje en in flardtsje. Dêr, út it ûnderste laedtsje kaem

it flewielen doaske mei it sulveren bislach op 'e lappen. Neef Geale hiske it op 'e hân, de ynhâld forskeuvele in bytsje: klonk it net as sulver?

„Soe de aep hîr yn sitte?” sei Geale.

Dat joech in opskuor ûnder de famylje. Us Heit bleau deselde. Geale seach him fan siden oan: hie Omke Wiepke dêr weet fan?

It kaike kaem yn it slotgat, in slach yn 't roun, dêr blonken de sulverlingen ús folk tomjitte.

Hja oan it tellen. Krekt op 'e kop om 't ôf twa hûndert fyftich gounen. „Dat is for ús elk hûndert fiif en tweintich,” sei neef Skelte.

„Hen, hwatte?” frege Geale forheard.

„Lyk ik sei, foar ús elk hûndert en safolle,” hy seach al skean ta de hoeken fan 'e eagen út nei dat skoandere jild.

„Dat is by my sa grif noch net”, ornearre Geale.

„Wolstû dan de hiele boel allinne hâlder? Myn bern is der op 't lêst ek noch.”

„My tinkt,” sei Geale mei klam, „dêr komt ús neat fan ta.”

„Dêr bigryp ik nou neat fan.”

„Bigrypst dat net? Dan sil ik it dy wol dûdlik meitsje. Us mem hat har ûnderhâlder litten, towylst hja noch sinten yn't laedtsje hie. Hja hat it de oare earmen ûntstellen. Ik hie Memme fromme praetsjes al net heech, en dit falt my jitris slim fan har ôf.

Skelte aksele der tsjiny. Mem hie mooglik neat mear krike as de oare earmen en hja hie dit jild útsunige, grif, sà soe 't wêze. Wolnou, hwat wie der op tsjin en forpartsje it earlik ûnder de erfgenamen.

„O jonge,” sei Geale, „dat hie 'k fan dy net forwachte. Dû rinst oars Sneins ek al wakker mei de holle op 'e side nei tsjerke. Wurdt dy soks dêr leard? Sokke plakken kom ik net, mar ik leau net, dat sa'n dieverij dy dêr foarhâlden wurdt.”

Sa gyng dat oer en wer, mar Skelte moast op 't lêst krimp jaen. It jild soe wer nei de earmesteat brocht wurde.

Dêr hie ik it wer mei in mij fraechstik to krijen. Geale, de losse bruijer, dy't him om God noch Syn gebot bikroade en dy't de sinten ek wol brûke koe, tocht der net oer, om se to hâlden, hoewol 't hja him, sa to sizzen, yn 'e bûse rôlle wiene. Hy spatte ek noch net ienris danich op. En Skelte, from en Godstsjinstich, seach der gjin bien yn om de sinten op to striken. Hoe koe dat nou?

Dy joune praeitte ik der mei Heit oer. Dit wie doch in tige tsjustere print. „Ja, jonge,” sei Heit op 't lêst, „ik wit it ek net. Metsjemuoi hat der in striid mei hawn, dat stiet fêst, en Skelte hat alles net goed trochtocht, sa tink ik der oer.”

Dit antwurd bifredige my fansels net heal fearsn.

In deimannich letter socht Skelte ús ris op. Al ridlik gau kaem it praet op Metsjemuoije erfskip.

„Ja,” sei er, „Geale hie wol gelyk, doe mei dat jild. Mar dy sinten wer ôf to stean, kaem my foar dat stuut to bot oan. Mar doe't ik der oer neitochte, moast ik sizze: dat jild komt my net ta.”

Moai sa, dat wie dan wer foarinoar.

Sa wie der nei Metsjemuoi dea noch argeweasje en striid nei oanlieding fan har sûnde. It iene kwea folget nou ienmel it oare op 'e foet. Gods folk sündiget net goedkeap. Dêrom, alle sûnde bistride. Al is it ek in swier stik.

Dit lêste wie Pake syn tapassing op it forhael. Grif hied er it dêrmei by de rjuchte ein.

„Mar nou hastich op bêd, jonges,” sei ús Heit. „En dream mar net al to folle oer Mikkemuoi.”

Nou, dat is bêst gien.